

427 Wiswier, de Heare is ferriisd

Mattéus 28:1-10

refrein Wim ter Brug (1914-1995)

Wis - wier, de Hea - re is fer - riisd,
hal - le - lu - ja!
1. Je - zus hat de dea fer - slein.
Sjong no dêr - rom dit re - frein:

refrein

2. Froulju út Jeruzalim
sochten by syn grêf om Him.

refrein

3. 't Wie foar salvjen al te let,
want se fûnen Jezus net.

refrein

4. Mar in ingel fan de Hear
sei har: 'Hy is hjir net mear'.

refrein

5. 'Tink ris oan syn ûnderwiis.
Sei Hy sels net: "Ik ferriis"?'

refrein

6. 'Hy, de grutte minskesoan,
is op wei gien nei syn troan'.

refrein

7. 'By de deaden fynst Him net.
Sjong no mei dyn hiele hert':

refrein

*neffens dû. H.J.W. Modderman
oersetting: David de Jong*